

STICHTING ALDE FRYSKE TSJERKEN



foto: Nids Werra

Liedteksten

# Libbene Stiennen door Piter Wilkens

m.m.v. Willo de Bildt, bas en Ytzen Peterson, gitaar

# Inhoudsopgave

<b>Van harte welkom</b> .....	<b>3</b>
<b>A.</b>	
<b>1 Tsjerketoer</b> .....	<b>4</b>
<b>2 Libbene stiennen</b> .....	<b>5</b>
<b>3 Jezus</b> .....	<b>6</b>
<b>4 Fragen oan Bonifatius</b> .....	<b>7</b>
<b>5 De dowestien</b> .....	<b>8</b>
<b>6 De muontsen</b> .....	<b>9</b>
<b>7 Kening fan de greide</b> .....	<b>10</b>
<b>8 De do en de goudûle</b> .....	<b>11</b>
<b>9 Spitkeetgea</b> .....	<b>12</b>
<b>10 Bim bam, brûns</b> .....	<b>13</b>
<b>B.</b>	
<b>11 Greideroas</b> .....	<b>14</b>
<b>12 Skries yn it fjild</b> .....	<b>15</b>
<b>13 Sietse de Vries</b> .....	<b>16</b>
<b>14 Op it hôf</b> .....	<b>17</b>
<b>15 Ljochte slaggen</b> .....	<b>18</b>
<b>16 Leauwe</b> .....	<b>19</b>
<b>17 Sis, wat bart der mei ús nei ús dea?</b> .....	<b>20</b>
<b>18 Komme en gean</b> .....	<b>21</b>
<b>19 Sinteklaas, ús held</b> .....	<b>22</b>
<b>20 It Paad Werom</b> .....	<b>23</b>



De Stichting Alde Fryske Tsjerken heet u van harte welkom bij de voorstelling “Libbene Stiennen” door Piter Wilkens.

De Friese singer/songwriter Piter Wilkens heeft deze voorstelling gemaakt ter gelegenheid van het 45-jarig bestaan van de Stichting Alde Fryske Tsjerken in 2015. Het thema van het jubileumjaar was “Goddelijk Groen” (kerk en natuur).

Wij hopen dat deze voorstelling u enthousiast zal maken voor het werk van onze Stichting. We willen namelijk de kerken die we hebben overgenomen niet alleen zorgvuldig in stand houden. We willen ook dat ze blijven worden gebruikt, in samenwerking met de dorpsgemeenschap.

Het moeten ‘levende stenen’ zijn, zoals de titel luidt van een boekje dat in 2005 verscheen bij ons 35-jarig bestaan.

Hierbij nodigen wij u uit om ons te helpen deze ‘levende stenen’ in stand te houden. Voor € 17,50 bent u al donateur en ontvangt u als welkomstgeschenk de CD “Libbene Stiennen” van Piter Wilkens. Mocht u de CD al hebben, dan kunt u ook kiezen voor de DVD met de vierdelige documentaire over de Alde Fryske Tsjerken. Tevens ontvangt u twee keer per jaar ons magazine ‘Alde Fryske Tsjerken’. Bij ieder nummer zit een ‘Uitagenda’, waarin de vele voorstellingen in onze kerken worden aangekondigd.

Met uw donatie helpt u ons om dit prachtige culturele erfgoed te bewaren voor komende geslachten. Doet u mee?

Graag wensen wij u vanmiddag een hele mooie voorstelling toe. En wie weet zien we u terug bij één van de vele culturele activiteiten in onze kerken!

Gerhard A. Bakker  
*Directeur Stichting Alde Fryske Tsjerken*

## 1 Tsjerketoer

Op de grins fan lân en wetter  
ûntstie in fruchtber lân  
dat luts minsken oeral wei  
fan oer de see of fan it sân

En sy bleaunen hjir ta wenjen  
want it lân joech hyltyd mear  
en ek al wie de see noch baas  
dat tij, dat naam gjin kear

Sy leinen oeral terpen  
mei op it heechste plak in toer  
dêr koenen sy altyd skûlje  
foar de krêft fan de natoer

En sy hienen elkoar nedich  
buorman wie in freon  
en sy neamden harren Friezen  
en dy namme, dy is bleaun

refrein:

En de wrâld wie wiid en de wrâld wie njoer  
Mar oeral om dy hinne seachst in tsjerketoer

Dizze boeren, dizze fiskers  
bleaunen fjochtsjen tsjin de flood  
dat wie net sûnder gefaar  
mar hjir libje wie doe dochs goed

En letter kamen diken  
weters rekken grien  
terpen waarden doarpen  
mei tsjerken boud fan stien

refrein 2:

En de wrâld wie wiid en de wrâld wie njoer  
en oeral om dy hinne seachst in tsjerketoer

It bliuwt in plak fan gearkomst  
in skûlplak, sûnder mis  
en do bist der altyd wolkom  
wat dyn leauwen ek mar is

Wêr ast no ek bist yn Fryslân  
en do sjochst it fjild wat oer  
oeral as in beaken ...  
sjochst in tsjerke mei in toer

refrein 3:

En de wrâld is wiid en de wrâld is njoer  
en oeral om dy hinne sjochst in tsjerketoer



## 2 Libbene stiennen

Fielsto de sfear fan ús tsjerke  
de paden binne tige berûn  
yn de tiid fan fier foar de telling  
wie it hjir al wijde grûn, ja grûn,  
wie it hjir al wijde grûn

Op in hegere wâl by in kwelder  
kamen ús foarfaars al gear  
en dêr bouden sy ea in timpel  
it wie it plak foar leauwen en mear, en mear  
it wie it plak foar leauwen en mear

Men spruts rjocht en men holde de merk hjir  
men brocht hjir ferstoarnen ta hôf  
en it is hjir no fredich en rêstich  
mar ast harkest dan hearst noch genôch,  
genôch  
ast harkest dan hearst noch genôch

Hjir lizze libbene stiennen  
Dit is gjin dea materiaal  
Wille en lok, rou en triennen  
It sit hjir fol mei ferhaal, ferhaal,  
it sit hjir fol mei ferhaal

Sjochsto de skjintme fan ús tsjerke  
makke fan hout, glês en stien  
mei de bealch en mei bleate hannen  
mei leafde en fakmanskipp dien, ja dien  
mei leafde en fakmanskipp dien

Hoe'n soad wegen rûnen hjir hinne  
fan hoefolle doarmet hjir noch de geast  
hoefolle preken binne hjir holden  
en is bidden foar hope en treast, en treast  
en is bidden foar hope en treast

Ik mei graach efkes sjen yn de tsjerke  
meitsje graach ris in kuier oer 't hôf  
alles liket ienfâldich en sober  
mar ast sjen wolst dan sjochst noch  
genôch, genôch  
ast sjen wolst dan sjochst noch genôch

Hawwe ús tsjerken noch takomst  
der wurdt sein: sy hawwe it dreech  
it liuwen dat is bot feroare  
en stadichoan rinne sy leech, leech  
stadichoan rinne sy leech

Alles fan wearde is kwetsber  
dus hâld dit gebou yn 'e kuer  
monumint fan leauwen en skiednis  
it hert fan uze kultuer, kultuer  
it hert fan uze kultuer

Fielsto de sfear fan ús tsjerke  
de paden binne tige berûn  
yn de tiid fan fier foar de telling  
wie it hjir al wijde grûn, ja grûn,  
wie it hjir al wijde grûn (2x)

### 3 Jezus

Doe't Jezus berne waard, waard alles oars  
Doe't Jezus berne waard, waard alles oars  
Doe't Jezus berne waard, kaam der ljocht en gie it skaad  
Doe't Jezus berne waard, waard alles oars

Ut 'e himel kaam in ingel en sy sei  
Tsjin de hoeders yn fjild: 'Dit is de dei'  
Hy is de rêder, Hy is jimme Hear, alles kriget no in kear  
Dy poppe yn de krêbe wiist jimme de wei

Kaam der hope op de wrâld, foar alle minsken jong en âld

Guon sindeling kaam doe nei ús lân  
En lang om let krige Syn wurd stân  
Der waard op Him fertroud, út Syn namme tsjerken boud  
Ien leauwen en it libben yn Syn hân

Mar net elkenien wie bliid, wis net de lieders út dy tiid

Wy fertelle elke dei noch Syn ferhaal  
Yn elk lân, ûnder elk folk, yn elke taal  
Frede foar elkenien, mei inoar begien  
Leafde en respekt is de moraal

Sy sloegen Him oan in krús en sa stoar Hy doe foar ús

### 4 Fragen oan Bonifatius

De loft is helder blau as lju komme te bidden  
Do stiest foar dyn gebou, it gers is greidegrien  
By dyn boarne dy't hjir streamd, fredich yn 't fermidden  
Is alles nei dy neamd en do bist in byld fan stien

Kaamst sa oan dyn ein, it boek boppe dyn holle?  
Hoe ha sy dy ferslein? Der wurdt ûngelyk oer tocht  
Yn tsjinst fan 't Frankysk hôf, woest faaks net tefolle?  
Wie it simpel rôf of kaamst om yn in gefjocht?

Hoe ûndergiest dyn lot, of wie dat dy ûnferskillich?  
Marteler foar God, wie dat no krekt dyn doel?  
Nei dyn dea sa brút, ferklearre men dy hillich  
Wiest dêr al op út, doe't men dy oerfoel?

Wat hat dy hjir brocht, wie it om hegerop te kommen?  
Wie dyn sin oprjocht, wêrom gie it hurd tsjin hurd?  
Uteinlik waard jimme lear, troch it folk oannommen  
In Heiden fynst net mear, elk ken no it Wurd

Do prekest mar om raak, de kening oan dyn side  
Wis fan de goede saak, waard elkenien bekeard  
Do naamst in leger mei, mar hoe koest dy dochs ferride?  
Wie der gjin oare wei, wie oar leauwen sa ferkeard?

It wie in oare tiid, mar noch altyd wurdt der fochten  
Oeral is der striid, omdat in oar oars leaut  
Ut hiel ús wide wrâld, komme de freeslikste berjochten  
Dizze oarloch is sa âld, is it in striid dy't altyd bliuwt?

Gie it om jild en macht, of om de wiere leauwe?  
Wêrom al dy jacht, wêrfoar hast dit alles dien?  
Oan hokker kant stiesto?, do koest lêze do koest skriuwe  
Mar swije dochsto no, do bist in byld fan stien

## 5 De dowestien

As in stikje fan in muorre  
As in part fan in gebou  
Kinst by my altyd skûlje  
Of rêste nei in sjou

By it bychtsjen bin ik tsjûge  
Yn it swijen bin ik mak  
Ik praat neat fierder troch  
En kom net fan myn plak

Ik seach jimme gean en kommen  
Doopt, troud en ferstoarn  
De iene team nei de oare  
Heit, mem, dochter, soan

En al ha ik dan net it libben  
Bin ik net fan bloed en bien  
Ek ik sil stadichoan slite  
Ik bin in dowestien

Ik kom djip út de ierde  
Us mem is in fulkaan  
Ik bestean foaral út jiske  
Koe my yn ivige tiid ûntjaan

In stien ha jimme fan my makke  
En brochten my oer de wrâld  
No kinst my oeral fine  
En ik tsjinje Gods bewâld

Helle út oare streken  
Foarme nei jimme hân  
Wurdt ik hjir al mar âlder  
Yn speesje en ferbân

Mar tink net datst my de baas bist  
In minskelibben is sa dien  
Jimme keare werom ta jiske  
Dêr wêr't ik út wei kom, de dowestien

Minsken wurde berne  
Komme út oare minsken wei  
Mar sille oars neat ite  
As wat der groeit út sân of klaai

Wy binne deselde matearje  
Hearre ta deselde planeet  
Ha as spyltúch fan ús skepper  
Fan in hiel soad lang gjin weet

En sil de ein fan alles komme  
Dan wurde wy wer ien  
Jimme, de warbere minsken  
En ik, de dowestien  
Jimme, de warbere minsken  
En ik, de dowestien



## 6 De muontsen

Ier yn de midsiuwen wiene sy mei in hiele fleet  
Sy sammelen kennis, hiene hiel wat weet  
Sy wijden har libben oan it leauwen en de  
Hear  
Ora et labora en suver yn de lear

Oeral seachst hjir kleasters, mei hōven,  
greide en lân  
Der is neat mear fan oerbleaun,  
it kaam yn oare hân  
Mar je kinne it net ûntkenne, ek al  
leauwe je sels net  
De muontsen hawwe hiel wat wurk  
foar ús ferset

Refrein:  
Dei op dei, jier op jier  
Mei in protte geduld, wyt en skier  
Skepke foar skepke, stien foar stien  
It wurk fan de muontsen, it is nea dien

Sy leine de earste diken, holden bisten,  
fokten fee  
Sy brochten ús de bakstien, ferbouden  
krûden op har stee  
Earne lju en siken koene dêr te plak  
Swalkers en thúsleazen krigen ûnderdak

It lêzen en it skriuwen, yn stilte en mei flyt  
Net alles is ferlern gien, in soad stiet  
swart op wyt  
Mar wolle wy bewarje wat der no noch is  
Dan is dat muontsewurk, dat is ien  
ding dat is wis

Refrein:  
Siedsje foar siedsje, flap foar flap  
Seizoen op seizoen, stap foar stap  
Sa koe it groeie, sa is it gien  
Mar it wurk fan de muontsen, it is nea dien

De hillige Siardus wurke graach yn it fjild  
Dielde alles mei oaren, de risping, it jild  
Hy wurke foar frede en libbe sels hiel kein  
En sei al: 'Oan it wurk fan in muonts komt  
nea gjin ein'

Refrein:  
Letter foar letter, boek foar boek  
Mar ek foar de muontsen foel it doek  
Sa binne sy kommen, sa binne sy gien  
En it wurk fan de muontsen, it is nea dien

Refrein 2x:  
Dei op dei, jier op jier  
Mei in protte geduld, wyt en skier  
Skepke foar skepke, stien foar stien  
It wurk fan de muontsen, it is nea dien

## 7 Kening fan de greide

(tekst fan Eppie Dam)

Doe't de grienens kaam om Jorwert  
alles grizer waard yn Holwert  
en de skrouskens foel oer beide  
stie de kening fan 'e greide  
skellend op syn hikkepeal  
om it fjild sa luzich keal.

Doe't de jiske-ovens blaasden,  
reek en lead de loft bewaasden,  
en gjin blau kaam tuskenbeide,  
stie de kening fan 'e greide  
razend op syn hikkepeal,  
lang út sicht de fjirdeheal.

Refrein:

Net de slepen fan in pau,  
op it boarst gjin reagerblau,  
sûnder tûfen, sûnder kroan,  
simpel kleed, profetebrunich,  
mar wast seiste klinkt net sunich:  
steande op dyn houten troan  
rekkenst ús de kealslach oan.

Doe't de As kaam troch de wâlden  
en 't kaptaal, net mear te hâlden,  
't paradys mei jild plaveide,  
stie de kening fan 'e greide  
flokkeend op syn hikkepeal  
each yn each mei 't gouden keal.

Refrein

Sil de skries noch kening bluwe,  
lit him mei de bûnte liuwen,  
alle fleanfolk fan 'e greiden,  
kettermintsje as in heiden –  
oant de hikken fan 'e daam ...  
ús befrije fan de waan.

Refrein

## 8 De do en de goudûle

Ik ha dy efkes mist  
Mar ik wit datsto hjir bist  
Ik kin dy fiele

Do sitst hjir op dyn nêst  
En net inkeld stilte en rêst  
Is wat wy diele

Bist in skepsel krekt as ús  
En do fiedest dy ek thús  
yn dizze streken

Wy tochten net genôch om dy  
Mar do hearst der gewoan by  
Nim dat geweken

En hee, ho, hark, ik leau dat ik dy hear  
Myn lang ferwachte freon, do bist der wer  
Hee, ho, hark, hoe is 't mei dy?  
Mar do bliuwst dyn libben lang, fûgelfrij

Do fleachst fan wit hoe fier  
Mar do kaamst hjir elk jier  
Om te brieden

Mar it waard op 't lêst in lêst  
Fretten fine woe net bêst  
Yn dizze mieden

Dit is 't moderne boerelân  
En dat gie hân yn hân  
Mei autodiken

En wie dat noch net genôch?  
Men slute ûlebuorden ôf  
Hiest mar te wiken

Mar hee, ho, hark, ik leau dat ik dy rûk  
Do bist noch net ferdreaun, do sitst hjir smûk  
Hee, ho, hark, ik bin as dy  
Ek ik bliuw myn libben lang, (fûgelfrij ...)

Aansten slachst dyn wjukken út  
En pakt watst ha wolst as dyn bût  
Dan giesto wer yn de nacht op jacht  
En sjochst op alles del mei al dyn pracht

Ik ha dy efkes mist  
Mar ik wit datsto hjir bist  
Ik kin dy fiele

Do sitst hjir op dyn nêst  
En net inkeld stilte en rêst  
Is wat wy diele

En hee, ho, hark, ik leau dat ik dy sjoch  
Do bist hjir dochts mar bleaun, do setst dochts troch  
Hee, ho, hark, do bist as my  
Wy bliuwe ús libben lang, fûgelfrij

En hee, ho, hark, ik leau dat ik dy hear  
Myn lang ferwachte freon, do bist der wer  
Hee, ho, hark, hoe is 't mei dy  
Beide ús libben lang,

Fûgelfrij



## 9 Spitkeetgea

Us pake kaam hjir te wurkjen doe't it fean ôfgroeven waard  
Hy hope op in better libben, hy wie sterk en rjocht fan aard  
Hy trof ús beppe fierste jong, mar sy holden fan elkoar  
De húshâlding waard grut en sy holden de kop der foar

Mar sy kamen nea net fierder as wat de feanbaas fan har woe  
It gie om macht en jild, net om wat men die en wat men koe  
En dy smoarge rike stjonkerts hiene alles yn bewâld  
En de bodders oan de skeppe waarden net botte âld

Ooh, Spitkeetgea, ik wrot my hjir wier net dea  
Ooh, Spitkeetgea, op dyn hôf lizze, sil ik nea

Us heit die syn boppebêst sa as pake dat ek die  
Mar hy bleau hingjen yn dit doarp, hoe't it ek soe, hoe't it ek gie  
En sawat myn hiele famylje, leit hjir no yn de grûn  
Nei skreppen en ien en al earmoede ha sy in suterich rêstplak fûn

Ik paste op myn broer en suskes as ús mem te wurkjen gie  
Myn suske stoar yn myn earms, omdat der net genôch te fretten wie  
Wy sieten efteroan yn tsjerke en sy seagen op ús del  
En dominy mar wakker preekje oer de himel en de hel

Ooh, Spitkeetgea, sis my neat oer goed en kwea  
Ooh, Spitkeetgea, yn dyn earms stjerre wol ik nea

Ik rin noch ien kear oer dit hôf en wit dat ik hjir nea wer kom  
Ik sis dit plak farwol en ik kom nea wer werom  
My sille sy net krije, ik sil in oare takomst ha  
Ik bin klear om hjirwei, ik sil nei Amerika

Ooh, Spitkeetgea, ik wrot my hjir wier net dea  
Ooh, Spitkeetgea, op dyn hôf lizze, sil ik nea  
Ooh, Spitkeetgea, sis my neat oer goed en kwea  
Ooh, Spitkeetgea, yn dyn earms stjerre wol ik nea

## 10 Bim bam, brûns

Sibrandahûs dat is in plak dêr't ik graach kom  
As ik dêr spylje mei, dan flocht de tiid sa om  
As Alex dêr de klokken liedt, kriget elk in poerbêst sin  
Omdat it programma dan begjinne kin

Bim bam, bim bam, bim bam bom (1x)

Klokken bringe nijs en jouwe tiid ek oan  
Kinst hearre oft der ien berne is of immen ferstoarn  
Mar de klank fan klokken makket my ornaris bliid  
Mei in trouwerij, in feestdei of mei Krystiid

Bim bam, bim bam, bim bam bom (2x)

Brûnzen klokken binne somtiden rôversguod  
En der oarlochtúch fan meitsje net de wil fan fan God  
De Dútsers namen suver al ús klokken mei  
Mar sy liede no wer altyd, oeral elke dei

Bim bam, bim bam, bim bam bom (3x)

Fader Jakob, fader Jakob, sliepst no noch? Sliepst no noch?  
Alle klokken liede, alle klokken liede, bim bam bom, bim bam bom



## 11 Greideroas

Blau is de himel bern, dizich de moarn  
blommen ûntweitsje, heech stiet it koarn  
wy bliuwe altyd grien, grien as it gers  
do sjongst fol fleur en sin dyn heit syn fers

Foar ivich en altyd grien, grien as it kroas  
sa grien is de leafde, myn greideroas

Hjir yn ús greidelân

Sy meitsje har earm en droech, mei stien en mei stiel  
sy grave har terpen ôf, dolle djip yn har siel  
de eachein feroaret hurd, mar sy bliuwt nûmer ien  
nearne in lân sa wiid, nearne sa grien

As de rook fan de maitiid bern, as in skrieske gelyk  
sa sil it bliuwe, myn wjukkelpyk

Hjir yn ús greidelân (2x)

As aanst myn tiid komt bern, treurje net lang om my  
ik sil dy ea wer sjen en bliuw altyd ticht by  
myn jiske fertwirre hjir, sit yn elk ljippenêst  
ien mei it fjild, yn ivige rêst

Sa grien as it gers hjir is, sa grien as it kroas  
bliuw sa oan my tinken, myn greideroas

Hjir yn ús greidelân (4x)

## 12 Skries yn it fjild

wurden: Bart Kingma & Piter Wilkens, muzyk: Leonard Cohen (Bird on a wire)

As in skries yn it fjild  
as in sùpstrôt dy't him oan syn lêste glês fertild  
ha 'k besocht frij te wêzen foar safier 't ik koe

As in iel yn in fûke  
as in held út âldfrinzige boeken  
ha 'k besocht my foar Jo te warren sa 't ik woe

En as ik net altyd even freonlik wie  
dan hoopje 'k dat Jo witte dêr't ik stie  
en as ik net altyd alles like earlik sei  
dan hoopje 'k dat Jo witte, ik kaam Jo nea tenei

As in poppe, jit wiet  
as in bist dat fjochtet foar syn gebiet  
raasde ik nei elk dy't my skeine soe

Mar ik swar by dit liet  
en by al it minne dat ik die  
ik meitsje 't mei Jo allegearre wer goed

Ik seach in bidler steunen op syn houten stôk  
hy sei tsjin my: 'Hasto no nea ris genôch?'  
en in himmel frommes hingjend op har rike hear  
sy rôp my ta: 'Hee, wêrom net freegje om mear?'

As in skries yn it fjild  
as in sùpstrôt dy't him oan syn lêste glês fertild  
ha 'k besocht frij te wêzen foar safier 't ik koe





## 13 Sietse de Vries

Hoe is't mei dy Sietse de Vries  
Ik nim noch wat kofje en in stik bôle mei tsiis  
It gers is wer meand en myn wurk hjir hast dien  
Fynst it slim as ik skoft hâld hjir by dyn stien  
Do bist noch sa'n jonge, Sietse de Vries

Do bist stoarn yn de oarloch, wiest in soldaat  
Do diest inkeld dyn plicht, it kaam op dyn paad  
Hast ea wol witten hoe't it siet, hoe't 't it lei  
De befrijing dy kaam pas doe wiesto al wei  
Do hiest gjin kar dyn lot wie in beskaat

Hast lang lije moatten of wie it gau dien  
Ha sy de fûn, fier hinne fergien  
Do bist foar ús fallen, wy libje no frij  
Mar frege it front om jonges as dy  
Do bist gewoan offere en do wiest noch sa grien

Der is al santich jier frede, wy libje net mear yn noed  
Miskien kinst my hearre en docht dy dat goed  
De beammen binne snoeit en myn wurk hjir hast dien  
En it waar is al aardich de baas oer dyn stien  
Mar do leist yn de sinne, it wie in moaie dei hjoed

Ik ha de oarloch net kennen, mar 't is in ôfgriis  
It smyt oars neat op as fertriet en ferlies  
Do bliuwst fan no ôf altyd jonger as my  
En is der in himel dan gun ik dy dy  
Oant oare kear Sietse de Vries (2x)



## 14 Op it hôf

Alle wiken leit hja blommen  
By it grêf fan har leave man  
Dat docht hja no al jierren  
Blommen, dêr holde hy sa fan

Sy lústeret wat leave wurdjes  
En o wat mist sy him  
'Ik sil dy nea ferjitte'  
It fertriet dat is sa slim

Alle wiken bringt er blommen  
Nei it grêf fan syn leave frou  
Dat docht er sa al jierren  
Hy bliuwt har ivich trou

Dan stiet er in skoft yn tinzen  
En praat wat mei har, stil  
'Wêrom moat ik dy sa misse?'  
Mar wol berêste yn Gods wil

Sy treffe inoar op 't hôf  
En sy reitsje yn petear  
Der is sa'n soad dat sy diele  
En sy sjogge inoar mear

Sa groeit der in nije leafde  
In flamke wurdt in brân  
Tegearre bringe sy blommen  
Nei de grêven, hân yn hân

Op it hôf kin fan alles barre  
Mar wa hat dit betocht:  
Ferlies, fertriet en dielen  
Hat twa minsken byinoar brocht

## 15 Ljochte slaggen

Ierske trad.: 'Black is the colour' (Christi Moore).

Ljocht binn' de slaggen fan myn leafste 's hier  
har eagen grien, har laits sa blier  
en yn har earms fielt it sa fertroud  
en ik hâld fan de grûn dat har it libben jout

As ik myn eagen foar efkes slút  
sjoch ik har stean, fiel ik har tút  
kin ik har rûke, priuw ik har liif  
hear ik har stûm, is sy myn wiif

Ik rin troch it fjild, myn hert dat gûlt  
wit my gjin rie mei myn gefoel  
mar de tiid sil komme, dan is myn langjen dien  
trouwe wy yn tsjerke en binn' foar altyd ien

Ljocht binn' de slaggen fan myn leafste 's hier  
har eagen grien, har laits sa blier  
en yn har earms fielt it sa fertroud  
en ik hâld fan de grûn dat har it libben jout

Fryslân ...

## 16 Leauwe

Leauwe, leau wêr ast yn leauwe wolst  
Leauwe, it is mar krekt watst der mei dochst  
Kinst leauwe yn dysels  
Kinst leauwe yn in oar  
Kinst leauwe yn it goede  
Kinst leauwe yn elkoar  
Leauwe, it is mar krekt hoe ast it sjochst

Leauwe, ha de minsken altyd dien  
Leauwe, mar de wierheid hat gjinien  
Kinst leauwe yn mear frijens  
Kinst leauwe yn gebod  
Leau yn de natuer  
Of leau yn mar ien God  
Leauwe, de frije kar hat elkenien

Leauwe, kristen, joad, mohammedaan  
Leauwe, dûmny, rabbi of imam  
We wolle allegearre sún libje  
Wolle allegearre wat lok  
We wolle allegearre graach frede  
Dus hâld ris op mei al dy wrok  
Leauwe, bibel, talmoed of koran

Gun elk syn eigen leauwen  
En harkje nei elkoar  
Begryp in oar wat better  
Wy moatte fierder meielkoar

Leauwe, ik leau dat elk lyts bytsje helpt  
Leauwe, en dat elk minskelibben telt  
Ik leau yn leafde en freonskip  
Yn diele meielkoar  
Ik leau yn help fan oaren  
En doch ek graach wat foar in oar  
Leauwe, mar ik leau hielendal net yn geweld

Gun elk syn eigen leauwen  
En harkje nei elkoar  
Begryp in oar wat better  
Wy moatte fierder meielkoar

Leauwe, leau wêr ast yn leauwe wolst  
Leauwe, it is mar krekt hoe ast it sjochst  
We wolle allegearre sún libje  
Wolle allegearre wat lok  
We wolle allegearre graach frede  
Dus hâld ris op mei al dy wrok  
Leauwe, it is mar krekt watst der mei dochst



## 17 Sis, wat bart der mei ús nei ús dea?

(wurden en wize: Alf Hambe, mei stikje Freek de Jonge op wize fan Bob Dylan, Fryske oersetting: Piter Wilkens)

Sis, wat bart der mei ús nei ús dea  
komme wy dan los fan grûn en lea  
is it sa't in protte leauwe  
sil ús geast nei boppen driuwe  
en sjonge wy dêr as in ingel  
yn in koar

Of is it dan foargoed mei alles oer  
en binne wy foar iting inkeld foer  
waakse út ús griene seadden  
sûgd in beam ús nei syn blêden  
bliuwt ús stoffe sa besit fan  
de natoer

As libbene wit je it wier net  
en binne je ien kear dea, is it te let  
nimmen kaam werom en sei ús  
minsken hearre yn de klaai thús  
of dat ús siele baarne sil  
as in raket

Sitte wy oan hel of himel fêst  
sjogge wy it ljocht miskien op 't lêst  
oan myn lyk gjin polonêze  
lit it hjirnei fredich wêze  
lit my nei myn dea gewurde  
jou my rêst

Nei de dea, nei de dea, is der libben, is der libben nei de dea

oan myn lyk gjin polonêze  
lit it hjirnei fredich wêze  
lit my nei myn dea gewurde  
jou my rêst

## 18 Komme en gear

Wat beskûle tusken beammen yn it fjild  
Stiet in tsjerkje iensum en allinne  
It klimmerblêd hat al jierren frij spul  
En flearmûzen kinne wakker ginne  
Fertutearze en net mear yn gebrûk  
De minsken, wêr lutsen sy hinne?

Refrein:

Minsken komme en gear  
En litte sa har tsjerke stean  
Opgeande-, delgeande tiid  
Dat is wat minsken liedt  
Mar dit gebou sil wer in funksje ha  
Kom, til de tsjerke nei de takomst ta

Dêr't wurk is, dêr komme lju  
En sy sille al gau ferskine  
Yn de tsjerke midden yn it doarp  
En harren oan de mienskip bine  
Mar is der gjin wurk mear genôch  
Sille sy ek like hurd wer ferdwine



## 19 Sinteklaas, ús held

Op syn hynder rydt er oer it dak, dak, dak  
sa bringt er alle pakjes wer te plak, plak, plak  
yn pikkenacht, yn waar en wyn, mei kjeld, kjeld, kjeld  
hippe hoppe! Sinteklaas dat is myn held

Hy slacht nea immen oer, hy komt elk jier, jier, jier  
en Spanje, sil 'k dy sizze, dat is fier, fier, fier  
fiif desimber is de dei dy't telt, telt, telt  
hippe hoppe! Sinteklaas dat is ús held

brechje:  
In toefke hea, in woartel út 'e grûn  
Doch ik yn myn skuontsje, elke jûn  
Dan sjong ik wer dit ferske like blier  
Wat is it altyd spannend elk jier

En ek al is er noch sa wit hoe âld, âld, âld  
hy bliuwt allike goed fan syn ûnthâld, hâld, hâld  
en wat ik freegje ha 'k 'm al ferteld, teld, teld  
hippe hoppe! Sinteklaas dat is ús held

Ik wol krekt as him sa'n prachtich hoars, hoars, hoars  
in wite skimmel, nee ik wol neat oars, oars, oars  
dan flean ik oer de huzen mei geweld, weld, weld  
hippe hoppe! Sinteklaas dat is ús held (3x)

## 20 It Paad Werom

Do stiest my noch sa by, doarpke út myn tiid  
der is in soad ferdwûn mar dochs bliuwst sa swiid  
en wat der net lykop mei myn jeugd ferdwynt  
der is altyd dy sim dy 't my oan dy bynt

Ea woe 'k hjir sa graach wei mei it fluch ferkear  
mar 'k bliuw no faker thús, tinkend oan al ear  
yn dy sit noch beweech en ik stean hast stil  
it makket neat mear út dêr 't ik hinne sil

Ik reizgje op en del, de ierde oer  
altyd ûnderweis nei it aventoer  
de eachein wol 'k foarby, mar dêr 't ik ek kom  
de ein fan elke reis is it paad werom

Ik learde hjir it keatsen, dat is in trêft  
ik learde hjir it riden op de Slotsgrêft  
ik krige myn earste tút yn 'Under 'e Sjuut'  
myn ferhaal mei dy, myn doarp, is noch lang net út

Ik boartsje frij yn 't fjild by de grutte feart  
ik strún wer fan it Aldlân nei de Sylsleat  
ik sjoch myn âlde hutte efter it fabryk  
myn flot is wer in boat, it reid myn ryk

Ik rûn oer hege bergen yn himelsk snie  
mar fûn dêr net de terp dêr 't myn widze stie  
ik besocht de grutste stêden fan de wrâld  
mar seach dêr net it doarp dêr 't ik fan hâld

Ik doarmje mar wat om dyn tsjerketoer  
en wit al myn reizgjen, ea is it oer  
lis my dan yn dyn grûn as ik safier kom  
nei myn alderlêste reis: it paad werom  
want de ein fan elke reis is it paad werom

De ein fan elke reis is it paad werom





Veel meer informatie vindt u op onze website  
**[www.aldefrysketsjerken.nl](http://www.aldefrysketsjerken.nl)**

**Postadres** Postbus 137  
 8900 AC Leeuwarden

**Bezoekadres** Emmakade 59  
 8921 AG Leeuwarden

**Bankrekeningnr.** NL94 INGB 0002 2076 00

**telefoon** 058 213 96 66

**mail** [info@aldefrysketsjerken.nl](mailto:info@aldefrysketsjerken.nl)

Het bureau is telefonisch bereikbaar van  
 ma. t/m do. van 09.00 uur tot 17.00 uur.



**[www.aldefrysketsjerken.nl](http://www.aldefrysketsjerken.nl)**



**Word vandaag nog donateur van de Stichting Alde Fryske Tsjerken**

- Ja, ik word donateur van de Stichting Alde Fryske Tsjerken voor minimaal € 17,50 per jaar. Ik ontvang als welkomstcadeau de documentaireserie 'Alde Fryske Tsjerken'
- Ja, stuur mij een gratis exemplaar van het magazine Alde Fryske Tsjerken



Naam:	Handtekening:
Adres:	
PC / plaats:	
E-mail:	
Tel:	Datum:

PW 12/15